



DÛBEL OP

In klucht yn twa bedriuwen

fan

JON VAN EERD

Fryske oersetting

Baukje Stavinga

**TOONEELUITGEVERIJ VINK B.V.
(Grimas Theatergrime verkoop)**

Tel: 072 - 5 11 24 07

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl
Website: www.toneeluitgeverijvink.nl

VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **DÜBEL OP – DUBBEL OP** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **JON VAN EERD** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

Copyright: 2009 © Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv

Internet: www.toneeluitgeverijvink.nl

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: www.ibva.nl

Email: info@ibva.nl

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

Vergunning tot opvoering:

1. Aankoop van minimaal **7** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Vergunning tot HER-opvoering(en):

1. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.

Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

ROLFERDIELING:

Yn folchoarder fan opkomst:

Mieke de Kring - Mieke is in wat boargerlike frou dy't ta grutte dieden yn har libben komme koe as se wat mear stimulâns fan bûten ôf kriegen hie. Se is guodlik en dreamt fan alles wat moai is. Lykwols ferwachtet se sels der noait ûnderdiel fan te wurden.

Valerie Kreukwijk - Valerie is in omheech fallen, hiel ambisjeuze frou. Se praat leaver net oer har ferline as profesjoneel pealdûnseres. Valerie hat mei fallen en opstean, en troch mei de krekte manlju te trouwen en dêrnei wer fan harren te skieden, de ferneamde Beauty en Health Kliniek, Beauty and Health Unlimited opboud. Har yntelliginsje hâldt net oer en sels is se ek net fiis fan botox. Se is wat gau op ien ein, soms sels wat hystearysk.

Dennie Klein - Haad fan de ferpleging. Homoseksueel, mar dochs ek wer wat "nerdy". Dennie is hiel krekt yn syn wurk mar kampt mei in grut minderweardichheidskompleks. Hy is hiel grutsk op it feit dat er sa'n belangrike baan yn dizze ferneamde klinyk hat. Der sit gjin kwea bloed yn him en hy kin soms samar ôfgryslik entûsjast wurde oer wat der op syn paad komt.

Hector Vermeulen - Fout! Chef de clinic. Hector is in kwaksalver, in trochtrape en gemiene yntrigant en siker oeral en yn alles syn foardiel. Hector giet oer liken, alhoewol hy nei alle gedachten úteinlik in te grutte skiter is om in echt münster te wêzen.

Jacques de Kring - Jacques is in plysje mei in minderweardichheidskompleks. Hy is leaf en sêft en hâldt in hiele protte fan syn frou. Jacques is oant op sekere hichte aardich te manipulearjen en del te bêdzjen, mar as de drip de amer oerstreamt kin er syn geduld ferlieze en fanatyk út 'e hoeke komme.

Harrie Vermeulen - De identike twillingbroer fan Hector. Harrie is te dom foar wurden en hat fansels gjin kwea yn't sin. Hy wol alles graach goed dwaan, mar troch dit entûsjasme rint alles yn'e bulten. Hy sjocht huzenheech tsjin syn broer op.

Tanja Bril - Tanja is freelance sjoernaliste foar de krante. Se stribbet nei in ferneamde reputaasje en is drok dwaande har eigen

“Watergate”skandaal te sykjen. Tanja hat har foarnommen Beauty and Health te ûntmaskerjen en docht har foar as ‘ undercover’ potinsjele klant fan Victor Vermeulen.

1e BEDRIUW

Ljocht dimt.

Op ferskate monitoaren of troch projeksje sjogge wy it folgjende fragmint út it journaal.

Byld mei voice-over

(*wy sjogge Valerie Kreukwijk in steatlik pân yn rinnen. Binnen rint sy de hal yn dy't wy by it opgean fan it doek as deselde hal werkenne. Dokter Vermeulen ferskynt en praat mei Valerie. Mei in triomfearjend gebear lit se in stik as wat ampullen en flessen oan de kamera sjen*)

Voice over: De wrâld fan plastyske sjirurgy en skientmebehan-nelingen stiet op' e kop. De kontroversjele dokter Hector Vermeulen claimt in wrâldprimeur te hawwen. Hjir is er te sjen mei syn saaklike partner, de eardere dûnseres Valerie Kreukwijk. Hector Vermeulen biedt yn harren klinyk yn de haadstêd in revolúsjonêre skientmebehanneling oan.

Op byld: Hector en Valerie

Stim: Kinne jo sizze wat it middeltsje krekt doch?

Hector: It spyt my, letter op' e dei komme wy mei in offisjeel statement nei bûten.

Valerie: Ja, wy ha de skoop al ferkocht oan...

Hector: (*Underbrekt har fluch*).. dus, Jo sille noch even geduld ha moatte.

Omrop Fryslân

Eric Ennema: Mefrou Valerie Kreukwijk fan de ferneamde klinyk foar VIP's, Unlimited Beauty and Youth, hat oankundige hjoed in parsekonferinsje te jaan. De belangrykste persoan yn dit ferhaal is dokter Hector Vermeulen. Hy kaam in stik as wat jierren lyn yn opspraak doe't er troch eardere pasjinten betichte waard fan malafide praktiken. Hy is no de striid oangien mei it bestriden fan it âlderdomsproses. Der skynt in revolusjonêr middel troch him útfûn te wêzen. De hiele kosmetikawrâld sil hjir fersteld fan stean, omdat it middel ivige jeugd belooft.

Cross-over.

It doek giet iepen, in televyzjeskerm yn it dekor mei deselde bylden as dy fan foar it toaniel. De skermen foar it toaniel dimme en ferdwine. Dan komt Valerie oerallich en mei in poerbêst sin de draaidoar troch. Se hat in sinnebril op. De draaidoar swypket yn it rûn en bliuwt noch even in pear kear trochdraaien. Se fljocht nei de ôfstânsbetsjinning en set de televyzje oan. Wylst se nei it tastel sjocht, lûkt se de jas út en leit se har sinnebril op it buro.

(*Dennie komt der yn troch de draaidoar mei in pûde fan de drogist. De draaidoar swypket yn it rûn en bliuwt noch wat rûntsjes trochdraaien. Valerie docht de televyzje út*)

Valerie: O, Dennie , it wie in hit! Hearlik. Wat wie dát geweldich om te dwaan sis, dy parsekonferinsje.

Dennie: Lokwinske mefrou.

Valerie: (*sjocht tefreden nei harsels yn in spegeltsje, wylst se lippestift op docht*) Se hongen oan myn lippen! Oh Dennie, soms, heel inkeld, is it hearlik om in vrou te wêzen.

Dennie: (*suchtet djip*) Ja, ik wit it.

Valerie: Hast my sjoen? Op televyzje?

Dennie: Nee, ik wie ûnderweis. Myn tsjinst begjint noch mar krekt.

Valerie: Hast it opnommen?

Dennie: Nee, it spyt my. Ik moast noch by it Kruidvat lâns. Wy moasten fan alles ha, ik ha noch hieltyd gjin Makro-pas. De wattestokjes... (*it komt him ynienen yn' t sin dat er de boadskippen noch bûten stean hat. Hy rint de draaidoar wer yn. Dy swypket en bliuwt draaien. Yn ien simpele draaibeweging is er wer werom. Mei boadskiptas*)

Valerie: (*wylst Dennie de boadskippen hellet*) Wy sille skiednis skriuwe en do makkest dy drok oer wattestokjes?

Dennie: Ja, no eh...dat is ek belangryk hear (*sjocht, dat se nei syn boadskiptas sjocht*) Ik sil dit wykein nei in Italjaansk feest en ik moast de tomatepulp meinimme (*hy hellet de pakken tomatepulp der út*) Fine jo it goed as ik dy even hjir yn de útsliepkeamer lis? Dêr is op it stuit dochs gjin pasjint no? Mefrou de Kring fan de stigen sil wol ûntslein wêze. (*hy rint de útsliepkeamer yn, leit de tomatepulp der del en komt der wer yn*)

Valerie: Ja, dat mei' k hoopje. God, ik ha yn myn libben noch noait safolle stigen sjoen (*mei har gedachten by hiele oare saken*) Dennie, wêr is dokter Vermeulen?

Dennie: Yn syn wurkkeamer.

Valerie: (*noch hieltyd mei in bêst sin*) Och, helje him even Den.. (*Dennie rint de keamer fan Hector yn. Valerie makket harsels noch in bytsje moaier en fimelt wat oan har klean om. Se blêdet wat yn mappen om. Hector komt út de gong op. Hy sjocht der betize út en hat in fleske mei it SIP middel by him*)

Hector: Valerie!

Valerie: Ah, Hector!

Hector: Valerie?

Valerie: O, Hector! Ik bin sa bliid! Dy parsekonferinsje is sa goed gien.
Hast it sjoen? Hast it sjoen?

Hector: Nee Valerie, harkje...

Valerie: Neehee?? He, gadfer..ik woe sa graach witte oft ik der in bytsje moai bystie.

Hector: Grif wol. Valerie...

Valerie: Se sille wol wer allinne shots fan ûnderen nommen ha, sadat it liket dat ik wol trijedûbele ûnderkinnen ha.

Hector: Valerie...

Valerie: Fynsto dat ik ûnderkinnen ha, Hector?

Hector: Nee, Valerie, mar...

Valerie: Nee, mar se kinne it altyd sa filmje dat it wol liket ast trijedûbele ûnderkinnen hast.

Hector: Valerie!

Valerie: Toch, Hector?

Hector: Ja, dat kin. Valerie..

Valerie: (*yn lichte panyk*) Tinkst dat se dat dien ha, Hector? (*sjocht yn' e spegel*) Och, dy lúzebosk fan Kwoot wie der ek. Woe seker foar dy hamster fan him fergees in behanneling ritselje. (*Dennie komt op*)

Hector: Dennie, wolsto de foarrie anesthesy byfolje en hjir bringe?

Dennie: O, dokter? Jo broer hat wer belle.

Hector: Harrie?

Dennie: Ik moast sizze dat er echt gjin sint mear op' e melis hie en oft jo gjin wurk foar him hienen.

Hector: Tanke Dennie.

Dennie: Hy sei dat er ree wie om alles foar jo te dwaan!

Hector: (*is der net hielendaal by*) Wa?

Dennie: Harrie! Jo broer! Hy belle foar wurk. Ik tocht, miskien kin er de foarriekeamer skjinmeitsje, hy kaam sa sneu oer, dokter, jo hienen him hearre moatten. Ik ha dus mar sein dat er mar even lâns komme moast.

Valerie: Dy broer fan dy? Dy...dy Harrie? Dat is toch dy ferskriklike twillingbroer fan dy?

Hector: Ja...mar...

Valerie: Moat dy hjir komme! Ik tocht it net sis! Nei alles watsto oer him ferteld hast! Ik wol dy heale soal hjir net oer de flier ha!

Dennie: Dy foarriekeamer moat echt skjin makke wurde hear. It is gewoan net hygiénysk.

Hector: Ja, ja!! Mar net troch Harrie!

Dennie: (*giet mar troch*) Ik sei lêsten noch tsjin Anita, ik sis “No Aniet, as wy net útsjogge, ha wy dy twa froulju fan dat programma aanst oer de flier”. Och, jo witte wol dokter, dy twa froulju?

Hector: (*ergere*) Nee!

Dennie: Sa'n mem en sa'n dochter. Neffens my is it in pot...In pot mei in komplot hi hi hi en dan geane se nei sa'n studintehûs en dat is dan ien goare binde, en dan meitsje sy dat skjin.

Valerie: Dennie, ik leau net echt..

Dennie: (*ûnderbrekt har ûnbewust*) ..Nee, ik leau it ek net. Net echt. Neffens my is it allegearre opset. Dus as jo broer no...

Hector: En no hast wer genôch âldwive, Dennie! Oan it wurk! O, en Dennie?

Dennie: Hm?

Hector: Anesthesy..no graach.

Valerie: (*sjocht dat Hector de ampul yn' e hannen hat, oerallich*) Is dat it? Is dat it? O, Hector, wat spannend hin? Is dat it?

Hector: Ofbliuwe! Ofbliuwe! Net falle litte!

Valerie: It is net folle hin?

Hector: Nee, NEE! (*tsjin Dennie, dy't nijs gjirrich stiet te sjen*) Oan it wurk. NO! (*Dennie rint ôf*)

Valerie: (*ropt him efternei*) En do stjoerst de broer fan dokter Vermeulen fuort, hearst my?

Hector: Valerie!

Valerie: Mar it binne der twa?

Hector: Ja, dit is it SIP middel, en dit wit ik noch net!

Valerie: (*siket wakker*) Ooooo, ik bin sá nijs gjirrich...

Hector: Valerie! Hâld dyn kwek no even! Wy ha in probleem.

Valerie: O?

Hector: Witsto juster noch, mefrou de Kring?

Valerie: Ja, dy fan dy stigen, wat is der mei?

Hector: No, se is der net mear.

Valerie: Dat mei' k hoopje, se hie mar foar ien dei betelle en ek noch mei dy ferfelende tegoedbonnen út de Privé.

Hector: Nee, dat bedoel ik net. Der is wat mis gien by de behanneling.

Valerie: No, dêr binne wy net oanspraaklik foar, stiet hiel dúdlik yn de betingsten. Wy ha dat gedonder ek al hân mei hoe hijt se ek al wer.

Hector: Liesbeth List.

Valerie: Ja, dy ek..eh nee, ik bedoel..eh

Hector: Patty Brard.

Valerie: Ja, dy ek, eh nee, ik bedoel..eh.

Hector: Henny Huisman!

Valerie: Ja dy! As minsken perfoarst wat wolle, wat net kin, dan moatte se mar op de blierren sitte.

Hector: Valerie! Ik ha mefrou de Kring in SIP behanneling jûn.

Valerie: Wat? Hoe sa? Ik tocht dat wy ôfpraat hienen dat ik de earste wêze soe?

Hector: Ik koe gewoan net wachtsje. Ik woe de resultaten sjen. Ik wie sa benijd.

Valerie: No, da's lekker! Altyd wat mei dy! Mar goed, net ien hoecht it te witten. Wy beskôgje it as in proef! En? En? En?

Hector: No... (*Hector rint de gong yn*)

Valerie: (oeremis) Wat is it resultaat? Hoe sjocht se der út?

Hector: (*komt mei in sikehûsbêd op mei dêr op it lyk fan Mieke de Kring under in lekken*) Wy ha in lyts probleemke.

Valerie: Wat dan?

Hector: Mefrou de Kring...

Valerie: Ja?

Hector: ..is dea (*hy lit it gesicht fan Mieke sjen*)

Valerie: (*folslein út it lead stein, nei't se dit even besinke litten hat*) Dea?

Hector: Dea.

Valerie: Dea?

Hector: As in pier...

Valerie: Mefrou de Kring?

Hector: Ja!

Valerie: Dea?!

Hector: Dat sis ik.

Valerie: Hoe kin dat no? Hertoanfal?

Hector: Nee.

Valerie: Akute blineterm?

Hector: Nee.

Valerie: In ûngelok? In TIA? Mei har foarholle yn de spuit fallen?

Hector: Nee.

Valerie: Wat dan? Wat dan? Doch no net sa nuver. Gadferdamme Hector, wêrom joust har dan ek dy behanneling? Dy soe ik toch as earste krije?

Hector: Wês do mar bliid, want de behanneling is moardzjend.

Valerie: Moardzjend?

Hector: Letterlik. Se is der oan dea gien.

Valerie: Och, ûnsin. Se is grif allinne mar flau fallen!

Hector: Dat tink ik net! (*se sjogge beide nei it bêd*)

Valerie: Mar minsken binne wol es skyndea toch? As wy no es (*se wol wat oan it lekken dwaan, mar dan sjit der in earm ûnder út*)

Valerie/Hector: Aaaaaaaaaaaaaaaaaaaaaah!

Valerie: (*hâldt de earm oan in finger fan it lyk omheech*) O, Hector, wat moatte wy no dwaan?

Hector: No, yn alle gefallen mar even opbergje, dy hannel (*hy stoppet de earm wer ûnder it lekken, dit giet net al te maklik. Hieltyd sjit der in earm of in foet út*)

Valerie: Hoe kin dat no? Bist der wis fan dat it troch de behanneling komt?

Hector: (*noch dwaande mei de earm en de foet*) Der moatte bestândielen yn sitte dy't deadlik binne. Ik ha noch gjin tiid hân om it te ûndersykjen.

Valerie: Hector! Sûch! Ja hear. Mynhear reizget hielendal nei Switserlân om libbensgefaarlik guod te stellen en ferjut yn de tuskentiid om de gebrûksoanwizing mei te nimmen!

Hector: No moast dochs echt even ophâlde hear! Ik siet dêr knap yn de ellinde. Se hienen my hast betrapé! Ik koe noch krekt dy iene ampul meisnippe, oars wienen wy no noch fierder fan hûs west.

Valerie: Ja, do! Mefrou de Kring net! Dy wie al lang thús west! Wy moatte de polysje warskôgje! (*se rôlet it bêd yn de rjochting fan har buro en de telefoon. Hector hâldt har tsjin*)

Hector: (*wylst er de ampul op it buro del leit*) Nee!

Valerie: Nee? Fansels wol. (*se steane elk oan in kant fan it bêd en lûke it hinne en wer nei harren ta*)

Hector: Nee!

Valerie: Der is hijr ien stoarn!

Hector: Ja, lit my even neitinke.

Valerie: Dat hiest folle earder dwaan moatten. Wy moatte de polysje belje. It is strafber om in lyk fêst te hâlden.

Hector: It is ek strafber middels dy't net test binne op minsken út te probearjen, súnder harren tastimming.

Valerie: Dat is dyn probleem! (*se lûkt wer oan it bêd*)

Hector: Tochtst dat? (*hy lûkt it bêd wer werom*)

Valerie: Do hast har toch fermoarde?

Hector: Yn ús klinyk. Mei ús wûndermiddel, dat krekt noch troch dy oan de parse presintearre is! (*Valerie is der stil fan*)

Hector: Wat tinkst wat der barre sil as se ûntdekke dat der ien stoarn is oan dat wûndermiddeltsje fan dy? Mefrou de Kring wurdt meinommen, mynhear de Kring sil ús oankleie, de klinyk wurdt sletten en do en ik draaie de bak yn.

Valerie: Do hast dat guod stellen, do hast it brûkt en do hast mefrou de Kring fermoarde!

Hector: En do bist de direktrise fan dizze klinyk en do moast dus witte wat der hjir oan' e hân is en do wiest op' e hichte fan dat ûnhuere laboratoarium yn Switserlân! (*stilte*)

Valerie: En wat moatte wy dwaan, dan?

Hector: Wy moatte sjen dat wy dat lyk kwyt reitsje! (*hy rint de draidoar troch*)

Valerie: Wat stelst foar? De grize kontener? Hector, wy moatte ús hjir út sjen te rôden! (*se rint efter him oan. De telefoan giet oer. Dennie komt op fan links, hy rint rjochting telefoan en jout, as er om it bêd hinne rint, it bêd in lyts triuwke mei om wat mear romte te ha. Dan nimt er de telefoan op*)

Dennie: Bjoetie en Hells klinyk Onlimmitid Bjoetie en Joes. Goeiemiddei, mei Dennie... Oh, dach mynhear de Kring... Jo frou? Ha jo in momintsje? Myn tsjinst begjint krekt... dan freegje ik it even foar jo nei... (*hy drukt it tastel yn de wacht, dan rint er wer by it bêd lâns. Hy stjit der súntsjes tsjinoan en dan falt wer in earm út. Dennie sjocht it en skrikt der net echt fan*) Oh! (*hy hellet it lekken fan it gesicht en makket de konklúzje dat mefrou de Kring sliept*)

Dennie: No sis, wa hat jo no hjir sa dellein? (*hy stoppet har lekker yn, kloppet it kessen noch es goed op en rint wer nei de telefoan*) Dat fyn ik echt net kinnen hear. (*hy pakt de telefoan, drukt him wer út de wacht, wylst er in grut behannelingsboek pakt*) Mynhear de Kring? (*lêst yn it boek*) Ja, jo frou hat in ekstra behanneling krigen, dus ik nim oan dat it noch wat langer duorje sil... Ja... Ja hear, as ik dokter Vermeulen sjoch, dan sil ik it him freegje, mar se sjocht der goed út en se giet no hearlik nei de rekuvery om by te kommen... Ja, ja, se is noch ûnder narkoaze hin.... Fansels, hi hi hi dach, mynhear de Kring. (*hy leit del en sjocht yn it boek wat foar keamer frij is. Dan rôlet er it bêd keamer R yn en giet mei har nei binnen. Hector komt troch de draidoar nei bûten mei in stik as wat skerpe messen en in elektryske túnseage. Valerie folget him*)

Valerie: Mar, dêr komst toch noait mei fuort?

Hector: Yn stikken snije en oan de einen fuorje!

Valerie: Hector!

Hector: Dát of de bak yn. Do meist kieze! (*hy lûkt de stekker fan in opfallende lampe út it stopkontakt om de seage der yn te stopjen. De lampe giet út*)

Valerie: Ik wist datst in münster wiest, mar dit???

Hector: Kieze of diele, Val!

Valerie: As ik mar net hoech te sjen.

Hector: Ik snij en do giest it park yn! (*hy hinget foaroer om de stekker fan de seage yn it stopkontakt te stekken, mar komt der krekt net oan ta*)

Valerie: It park?

Hector: Nei de eintsjes! (*hy draait him om en sjocht dat it bêd fuort is*)
Ahh! Wêr is se? Wêr is mefrou de Kring? (*Dennie komt nei bûten en hat it noch krekt heard. Hector lit gau de elektryske seage efter in grutte palm glide en hâldt de messen efter him*)

Dennie: Ik ha har even nei de rekuvery brocht (*rint nei it boek om dit op te skriuwen*) len hie har samar yn' e hal lein! Soks kin dochs net, dokter Vermeulen?

Hector: Eh..nee!

Dennie: Wanneer hie Anita tsjinst? Ik wol gjin kollega ôffalle, mar se lit nochal es in stekje falle.

Hector: Anita?

Dennie: Se hie wol in longûntstekking oprinne kinnen mei komplikaasjes!

Hector: No, dêr hoege wy net benaud foar te wêzen (*Valerie skopt Hector om him te warskôgjen*) Auw!

Dennie: (*sjocht omheech*) Hm?

Valerie: Hernia!

Hector: Hernia!

Dennie: (*wist dit net*) O.. (*hy draait him om nei de kast en hellet der in handoek en in pot salve wei*)

Valerie: Dennie?

Dennie: Ja?

Valerie: Wat silst?

Dennie: (*rint nei útsliepkeamer trije*) Even mefrou de Kring ôfwurkje! (*Victor en Valerie springe der tusken*)

Valerie en Hector: (*troch elkoar hinne*) Ofwurkje? Nee, bliuw hjir! Dat is dochs net noadich?

Dennie: Mar se moat toch noch..?

Hector: (*nimt de salve en de handoek fan him oer*) Dat..eh..doch ik wol Dennie. Mefrou is in spesjaal gefal (*Hector dûkt keamer trije yn*)

Dennie: Oh..no, ek goed.

Valerie: Dennie, der is fierder neat mear te dwaan.

Dennie: Tuurlik wol. As dokter Vermeulen aanst klear is mei mefrou de Kring, bring ik har wol wer nei har eigen keammerke. (*Hector komt foarsichtich op. Hy wol net dat Dennie him sjocht. Hy meneuvelt nei Valerie dat er de elektryske seage fergetten hat*)

Valerie: (*sjocht Hector wol*) Dat hoecht echt net, Dennie.

Dennie: Trouwens, ik moat de anesthesy noch oanfolje.

Valerie: Anesthesy?

Dennie: Ja, dat hat dokter my frege. (*Dennie draait him hast om nei Hector, mar wurdt ôflieden troch Valerie. Hector dûkt fluch it keammerke wer yn. No hat er de seage noch net*)

Valerie: O, dat, ja dat hannelje ik wol even ôf. Nim do no mar es lekker in dei vrij.

Dennie: Hin? In dei vrij? Nee hear (*sjocht dat de lampe út is*) Hee, is de lampe stikken? (*sjocht dat de stekker der út is*) O, wa hat dat no dien? (*hy steekt de stekker wer yn it stopkontakt. De lampe giet wer oan*) Nee, nei jo parsekonferinsje sille de fersykjes wol binnen fleane. Ik bin as de dea dat jo it net allinne ôf kinne.

Valerie: Dennie, as de broer fan dokter Kreukwijk oankomt, wolsto him dan fuortstjoere?

Dennie: Och, binne jo dêr wol wis fan? Wolle jo him net ien lyts kânske jaan?

Valerie: Dy gek! Gjin hier op myn holle. (*se rint ôf. Dennie folget har*)

Dennie: Mar ik ha no al sein dat er mar komme moast.

Valerie: Dat is dyn probleem. Do stjoerst him fuort! (*Dennie en Valerie ôf. Nei in skoftsje komt troch de draaidoar Harrie op. Hy bliuwt stil stean yn de draaidoar en kriget dus in klap. Hy fljocht mei deselde gang wer nei bûten, draait ien of twa wylde rûntsjes en fljocht dan it toaniel op. Hy stiet wat sullich en dûzelich om him hinne te sjen*)

Harrie: Eh..hallo? hallo Hector? Ik bin it..Harrie..Hallo? Hector, hijr is dyn broerke... (*hy rint dan in keamer yn. Dan komt fia in oare doar Hector op*)

Hector: Valerie? (*Hector pakt de sirkelseage en rint de doar fan de útslepkeamer binnen. Harrie komt wer op. Hy sjocht wakker om him hinne, as der ek minsken binne*)

Harrie: Hector? Hallo? (*hy rint mar wer in doar yn, dan komt Hector wer nei bûten*)

Hector: Valerie? (*Hector lûkt de stekker fan de lampe út it stopkontakt. De lampe giet út en hy wol de stekker fan de sirkelseage der yn stekke. Dan sjocht er de ampul mei SIP middel, pakt it en rint rjochting kûlizen – rjochting klûs. Harrie komt wer nei bûten. Krekt op dat momint komt Dennie op en rint hast tsjin Harrie oan*)

Dennie: O, sorry.

Harrie: Sorry.

Dennie: Jo moatte echt wat útsjen hear.

Harrie: Ja?

Dennie: Myn muoike hie it ek, en dy is der noait mear ôf kommen.

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via
www.toneeluitgeverijvink.nl de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.



info@toneeluitgeverijvink.nl



072 5112407



“Samenspelen” is ons motto